

# Dorpscanon van Folsgeare

De smidderij fan Folsgeare

---



© Foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

## De smidderij fan Folsgeare

Op 6 april 1870 leit Sybe Cornelis Nijdam de earste stien foar in hûs mei smidderij oan de Tsjaerddyk ( 40)




Op 22 maaie 1870 trout Sybe Cornelis syn dochter Trijntje mei smidsfeint Lourens Lutgendorff út Snits. Sybe wol dat it jonge stel nei harren houlik in goede start meitsje kin. Hy hat dêrom in oerienkomst sletten mei timmerman Pieter Willems Twijnstra út Folsgeare. Pieter Willems bout oan de Tsjaerddyk in smidderij en Lourens Lutgendorff sil it pân foar teminsten fiif jier hiere, foar in bedrach fan fl 169, - yn it jier. Sybe Corenelis Nijdam stiet, as eigner fan in skipmakkerij yn Snits, foar it jonge stel garant.

# Dorpscanon van Folsgeare

## De smidderij fan Folsgeare

---

Op it perseel stiet dan noch it skipshûs fan om en de by 8 kante meter dat by de herberch / winkel op Tsjaerddyk 38 heart.



Lourens en Trijntje fêstigje harren neffens plan nei harren houlik oan'e Tsjaerddyk. Lourens Lutgendorff is in tige eigensinnich persoan en hy hat al gau spul mei de tsjerkfâden en oare minsken yn it doarp. Nei fiif jier hat Lourens Lutgendorff it dan ek wol besjoen yn Folsgeare en keapet hy de smidderij fan Ynte Roode yn Makkum.

Timmerman Pieter Willems Twijnstra giet fuort út Folsgeare en wurdt boer yn Abbegea. Hy wol ôf fan'e smidderij en set de saak te keap. Hendriekus Monkel, stedsomropper út Snits, bringt in bod út fan fl 1661, - . Dit bod wurdt ôfwezen en it pân wurdt út de ferkeap helle. Nei it fertrek fan Lourens Lutgendorff yn maaie 1875, komt Albert de Hond as nije hierder yn it bedriuwspân foar in termyn fan twa jier. Hy betellet in oansjenlik leger hierbedrach fan fl 140, - yn it jier.

Twijnstra wol dochs fan it pân ôf en yn 1876 komt it wer te keap. Petrus Jentjes Greydanus, bouboer yn Easthim, wurdt foar fl 1740, - de nije eigner.

Hein Siedzes Heinsius (út Warkum) trout yn maaie 1879 mei Durkje Boersma ( út Gau).

Hein en Durkje keapje de smidderij en Hein wurdt de nije smid yn it doarp. De smidderij rint yn'e begjinjierren goed. Heinsius advertearret regelmjittich mei nije produkten, maar om 1910 hinne stiet it der min foar. De komelkerij op Tsjaerddyk 26, dy't Heinsius foar syn dochter Sytske bouwe litten hat, wie nei alle gedachten krekt tefolle fan it goede. Yn jannewaris 1911 wurdt it fallisemint fan Hein Heinsius útsprutsen en komt de smidderij te keap.

# Dorpsanon van Folsgeare

De smidderij fan Folsgeare

---

Hendrik Faber út Warns keapet de smidderij en ferkeapet dizze yn itselde jier oan Andries Bouma út Eastersee. Andries Bouma is in foarútstribjend ûndernimmer dy't mei syn tiid mei giet. Hy is de earste yn it doarp dy't in auto hat. It kenteken fan syn auto B-1862 is ôfjûn om 1918 hinne.



Andries Bouma wit hoe wichtich reklame meitsjen is, sa't bliken docht út in brievekaart mei in ôfbylding fan in gerskearmasine mei metalen sitting om efter in hynder te spannen.

Njonken de smidderij set hy útein mei de ferkeap fan meanmasines, fytsen en bromfytsen. It pân is te lyts om alles opslaan te kinnen. Hy keapet "de Tempel" der tsjinoer, in pân mei seis wenningen. Fan trije wenningen wurdt in nij magazyn makke. Hy ferhiert de oare trije.



Yn 1920 makket hy de tagongshikke nei de tsjerke mei it opskrift "Memento Mori".

foto db Folsgeare

Meinte Abma, dy't op Carpe Diem wennet, fynt dat sa moai dat hy ek in hikke meitsje lit foar syn buorkerij. De hikkepeallen steane der noch, de hikke is yn'e rin fan'e jierren ferdwûn.



# Dorpscanon van Folsgeare

De smidderij fan Folsgeare

---

Folsgeare is lykwols te lyts foar dizze ûndernimmer en hy ferkeapet de saak. Andries Bouma set ôf nei Snits. Op'e hoeke fan'e 2e Oosterkade en de Leeuwarderweg stiet de eardere stedsherberch dy't troch Bouma kocht wurdt.

It pân dêr't Andries yn 1931 en dêrnei syn soan in elektrisiteits- en fytswinkel yn hat, stiet letter goed 10 jier leech, mar bliuwt bekend as it Bouma pân.



Beint Sipkes Douma, smid út Wytmarsum, is yn 1919 troud mei Attje Strikwerda út Wytmarsum. Nei harren houlik wenje se dêr noch in skoftsje, yn maaie 1920 húsje se harren yn Boazum. Dêr wurdt dochter Antje berne.



Beint Sipkes Douma keapet de smidderij yn Folsgeare.

Op 19 maaie 1923 ferhuzet de húshâlding nei Folsgeare nei de smidderij oan'e Tsjerddyk (40).

LC 1923

Smid Douma wurket net allinne yn Folsgeare, mar giet ek de provinsje yn. Hy kriget yn 1924 in kontrakt by de gemeente Ljouwert.



LC 1924

# Dorpscanon van Folsgeare

## De smidderij fan Folsgeare

---

Links it hûs mei de smidderij ein jierren 20 fan de foargeande iuw. De smidderij is bedutsen mei klimmer en hat in úthingboerd dêr't "Gedipl. Hoefsmid" op stiet.



foto útjouwer van der Meulen by Snits

Beint Sipkes kriget yn'e jierren 30 te meitsjen mei de krisis en "de Tempel" giet yn'e ferkeap.

Yn 1934 ferkeapet hy de smidderij oan Bauke Annema, dy't al op 20-jierrige leeftyd smidsfeint wurden is yn Drachten. Bauke trout mei Hinke van Wijngaarden út Dedzjum. Se krije fjouwer bern. Aldste soan Jelle is boerefeint en wurket û.o. op Strûpenkeal by Willem van der Velde. Soan Tjitte en dochter Tjitske trouwe en ferlitte Folsgeare.

Lyk as yn alle doarpen, hat de middenstân it dreech en slute winkels de doarren. Ek de smidderij ûntkomt hjir net oan en yn oktober 1964 beslút Bauke om yn leantjinst te gean.

Hy komt terjochte by karosserybou Rijkema op "it Eilân" yn Snits. Fjirtjin dagen nei't hy dêr begûn is, bringt syn frou Hinke him op sneintemoarn 8 novimber 1964 in kop tee op bêd. Dan docht bliken dat Bauke stoarn is, nei alle gedachten oan in hertstilstân. Hinke Wijngaarden bliuwt efter mei de bern Jelle en Gepke, dy't beide noch thús wenje.

Der is in ein kommen oan'e smidderij en as Gepke ek trout, bliuwt frijfeint Jelle by syn mem. Op 22 maaie 1987 ferstjerret Hinke en dan wennet Jelle allinne yn'e smidderij. Hy kriget kunde oan Karin Romein út Warkum. Jelle en Karin trouwe op 11 septimber 1991. Jelle ferhuzet nei Warkum en de smidderij komt yn'e ferkeap.

# Dorpscanon van Folsgeare

De smidderij fan Folsgeare

---

De nije eigners fan de eardere smidderij binne Evert Londema en Aaltje Mulder. Dêrnei wenje René Dijkstra en syn frou Frels Spoelstra yn it hûs. Troch in skieding komt it pân yn 2009 wer yn'e ferkeap.

Oanslutend komt Clasina Flapper mei har soan Mart yn'e wenning. Op'e nij wurde der yn'e âlde smidderij dingen kreëarre. Clasina, byldzjend keunstner, nimt de smidderij nammentlik yn gebrûk as atelier.



foto Wytske Heida

It gebou anno 2021

## Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, uitg. van der Meulen bv Sneek, Wytske Heida, archief db Folsgeare

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*